

In libben lang tichteby himsels

De earetitel 'Kening fan it Fryske kabaret' kaam Rients Gratama ta. Ofrûne woansdei ferstoar de kabaretier yn syn wenplak Ljouwert. De âld-Penjumer waard yn Fryslân op hannen droegen en wist trije generaasjes te fermeitsjen.

In memoriam

Gerbrich van der Meer

Dy titel: 'kening fan it Fryske kabaret' naam Rients Gratama oars wol mei in kerreltsje sâlt. „Eh ju, wat stelt dat Fryske kabaret no eins foar”, seit er yn in ynterview mei it *Friesch Dagblad* út 2003. „Sa ymposant is dat no ek wer net, der is ommers ek amper konkurrinsje. Op in stuit bin ik nei Hollân ferhuze. Dêr kaam ik folle mear fakgenoaten tsjin. En dan sjogge jo dat eltsenien mei deselde ûnsekerheden omrint en him hieltyd ôffreget of syn foarstelling wol wat foarstelt.”

Mar dochs. Rients Gratama stie oan 'e widze fan it profesjonele teater yn Fryslân, en wist mei syn musicals, toanielstikken, cabaretprogramma's, lieten en foardrachten altyd wer in gefoelige snaar by de Friezen te reitsjen.

Wie it omdat er de keunst ferstie yn syn teksten en lieten it gewoane libben op it poadium te heljen? Wie it omdat hy altyd in gewoane Fryske jonge fan 'e klaai bleaun wie? Rekke syn frijmoedige ferskining oan dat djippe langstme om sels ek frij te wêzen? Wiene it syn kwinkslaggen of syn noflik dwersbongeljen dy't soargen foar it sa wolkomme tsjinwicht oan it aard fan swier op 'e hân? Tink bygelyks oan dat prachtige liet oer de oaljesjeik Sjoerd fan Arum dy't yn syn stâl gjin kij, mar in harem hie. Kom der mar op.

Wie it syn keunst om fan it libben te genietsjen? Yn syn brede glimk, syn twinkeljende eagen, syn fleurich

Wiene it syn kwinkslaggen dy't soargen foar it sa wolkomme tsjinwicht oan it aard fan swier op 'e hân?

foarkommen mei altyd smaakfolle artistike skuon, kaam syn libbensnocht nei foaren. Yn 2013 sei er dêroer: „Eins bin ik op 'e syk nei gelok. Dêrom soe ik ek noait jierrenlang mei tsjinsin spylje wolle. Ik wol dy mominten fange dy't dit oere of dizze dei de muoite wurdich meitsje. Dat slagget it bêst as ik yn myn dwaan en litten sa ticht mooglik by mysels bliuw of by it bern yn my.”

Polityk engaazjemint wie net syn taal. Foar him wie teater mear as dat de wrâld ferkeard is en better moat. „Ik haw noait útblonken yn engaazjemint. As relativist wol ik altyd de oare kant fan 'e medalje sjen.” Weibliuwe fan politike saken hie misken ek wol mei syn hekel oan spul

te krijen. Wis hat er wolris in lilik liet skreaun. Bygelyks doe't Nixon Noard-Vietnam bombardearre krekt yn krysttiid. „Allinnich wie ik nei trije wike net mear lilik...”

Tagongspoarte

Dat bern yn him foarme ûnbewust de tagongspoarte nei dat brede skala oan minsken dat him graach oan Gratama ferbine woe. Krekt oannommen by selskip Tetman de Vries, hy wie doe 25, sieten de dochters fan Tetman, Anneke en Leny foaral foar him yn 'e seal. „Wy wiene echte pubers. Rients wol der neat fan witte, mar foar ús wie hy in enerzjyke jonge god, in echte Justin Bieber!”, sa fertelt Leny Dykstra-de Vries yn in ynterview út 2015. Yn dat jier brochten Leny en Rients *100 jier Tetman* op 'e planken, in fleurige hommaaasje oan dizze earste profesjonele artyst.

Sechtich jier letter wie Gratama bern tusken de bern yn de seis krystproduksjes fan it Posthuisteater der't hy de tekst fan skreau en de sintrale persoan op it toaniel wie. Hieltyd wer droech de jonge cast fan *Scrooge op de Fok*, *Krystmerakels*, *De lytse Jonker*, *De slag om de Beerenburcht*, *Groeten uit Hjirhinne* en *De sterren van Bartlehiem* Rients oan hannen en hy har.

In tillefoantsje fan heit Gratama, - Rients siet doe op syn wurk as direkteur-siktaris op it sûkerwurkfabryk Frisia yn Harns - soarge yn 1957 foar in omkear yn syn libben. „Tetman siket minsken, fertelde ús heit entûsjast, dat is krekt wat foar dy!”, sa fertelt er yn in ynterview út 2012.

Toaniel hie altyd al Gratama syn grutte passy west. Fêste prik wie er oan it foardragen en dingen oan it betinken. Dat hie er net fan in frjemd. Syn heit, elektrisien fan berop, spile toaniel, skreau teksten en wie foarsitter fan 'e muzyk. As filosofyske frijtinker fûn er in soad saken faak wichtiger as deistige plichten. Hy wist ek dat Rients better op syn plak wie op it toaniel as op it kantoar.

Ienkear by Tetman ûntjoegen Tetman en Rients har ta in gouden duo. Seis jier lang bleau Gratama mei in soad wille by it selskip, om like folle kear yn 'e wike op 'e planken te stean mei de ferneamde Tetmanprogramma's. Stadiochoan groeide lykwols it besef dat hy, as hy groeie woe, ôfskied nimme moast fan Tetman. „As jo jo hielendal ûntwikkelje wolle, moatte jo ek wurkje yn alle disciplines om in eigen styl te ûntwikkeljen. Ik wurke mei oan de radio, die solo-optredens, mar by selskip Tetman de Vries die Tetman de konferensens, hy stie yn it midpunt. De jas paste dus net mear”, sa sei Gratama yn 2015.

Yn 1967 besleat Gratama selsstannich fierder te gean yn it Fryske kabaret. Wat noch net iens sa maklik wie. It publyk wie wend oan Rients mei de bekende sketskes en húslike tafereeltsjes. Dêr beändere it nije program net oan. „Stadiochoan heake it publyk ôf. Tagelyk moast der wol brea op 'e planke komme, fansels.” (FD, 2012)

Escape

In prachtige escape, sa't er sels sei, foarme de moeting mei Wim Sonneveld. Dy hie by in besite oan plate-



Toaniel hie altyd Gratama syn grutte passy west: „Ik wol dy mominten fange dy't dit oere of dizze dei de muoite wurdich meitsje.” Foto: Hoge Noorden/Jacob van Essen

maatskippij Phonogram tafallich de plaat heard dy't Gratama mei de musisy Henk Ondersteijn, Joop Verbeke en Karst de Groot makke hie fan syn earste Fryske solo-programma. Hoewol't Sonneveld der neat fan ferstie, yntrigearre Gratama him wol. As mei-eigener fan it DeLaMar-teater wie er altyd op syk nei nij talint en, nei in besite oan in optreden fan Rients yn it kafee fan Raerd, nûge hy Gratama út in Nederlânsktalig programma te meitsjen. It waard *Vingertjes in de pap*.

Ynienen lei de fokus foar Gratama op hiel Nederlân. Dat betsjutte in enoarme ferbreiding. Tsien jier lang reizge er troch it hiele lân mei ferskillende formaasjes en mei selsmakke programma's. Doe't de stifting It Fryske Boek him yn 1976 frege om in jubileumprogramma gear te stellen - wat *Ha, dy Basken* waard - murk er ynienen wer dat er him as kabaretier yn Fryslân ek wer o sa thús fiede. Sa kaam er hjir wer oan 'e slach, mar wol op syn eigen manier, sigesaagjend tusken it Frysk en it Nederlânsk, talen dy't him beide nei oan it hert leine.

Yn al dy jierren dêrnei beweegde Gratama him op ferskillende mêden op it toaniel. „Doe't ik my tarette op it kabaretprogramma *1e priis mei lof*, haw ik my earst yngeand ôffrege wat my eins beweegde dat ik as âldere man al salang op it poadium stean,” sa fertelt er yn in ynterview út 2013. „Wêrom tinke je eins dat je kabaretier wêze kinne en dat wat jo dogge wat betsjut. Want, litte we earlik wêze it giet dochs faak oer it selde. Myn programma's binne Frysk yn tinken, yn dwaan en ûnderwerpen. It tal ûnderwerpen is dêrtroch mar beheind en foar't je it witte falle je wer yn herhellings. Ik kaam der op 'e nij efter dat ik eins mar ien driuwfear hie: Ik stean op de planken om't ik dat sa stommegraach doch. Ik haw no ienkear it lef om in heale meter heger te stean en myn bek iepen te lûken. Dêrby nimme jo fansels it risiko dat jo útfluite wurde, mar blykber hawwe je ferlet fan dat risiko. It hat, tink ik, ek te krijen mei it bern yn jo dat nocht hat om grinzen op te sykjen [...]. Ik kaam der op

Heit Gratama wist ek dat Rients better op syn plak wie op it toaniel as op it kantoar

'e nij efter dat ik gewoan benijd bin nei wat ik yn my haw en wat ik oerbringe kin op oare minsken.”

Kening Lear

Yn 2003 makke Gratama djippe yndruk by it Fryske publyk as Kening Lear yn it keningsdrama fan Shakespeare, de ôfskiedsfoarstelling fan Jos Thie fan Tryater. „Ik haw noch noait sa'n soad respekt krigen”, grapke Gratama yndertiid dêroer. „Ik tink dat akteurs dochs mear respekt krije as kabaretiers. Ik wit ek net wat ik der mei moat, mei al dat respekt. Soms tink ik: soene se oait wer om my laitsje?”

Dat diene se seker. Tagelyk learde it publyk Gratama kennen fan hiel oare kanten. It toanielstik *In eintsje libben* dat Gratama skreau en der't er ek yn spile, waard nominearre foar

de Toneel Publieksprijs. Fiif jier letter soe er foar dit stik de Fedde en Martha Bergsma priis krije. Ek wie der in soad lof foar syn Fryske monoloch *De goudfisk*.

En dan hawwe we it noch net iens hân oer al dy jierren dat er les joech oan de Kleinkunstacademie yn Amsterdam, syn spyljen mei Gerard Cox en Jasperina de Jong, syn rollen yn de Pieter Verhoeff-films *Nynke* en *De dream*, de musical *Mata Hari* dy't er skreau, syn gasthearskip by Simmer 2000, de trijetalige printeboeken *Pien en har spin* en *Hein en syn hin* dy't er makke mei syn libbenspartner Carla van der Heijde dy't ek altyd foar de dekorûntwerpen soarge fan syn programma's. De gedichten dy't er skreau, of de reklames mei Freark Smink der't er sa'n soad wille mei belibbe.

As him yn 2012 frege wurdt wat yn syn mêlee fan aktiviteiten in hichtepunt is, kin er eins neat spesjaals neame. „Mar in hichtepunt is wól dat je dit fak sa lang dwaan meie”, jout er dan as andert. „Dat je salang Rients wêze meie. It is ommers net in fak wat je dogge, jo binne it ek. It is in foarrjocht dat ik in libben lang sa tichteby mysels bliuwe mei.”

Dat ticht by himsels wêzen hat Gratama in libben lang dield mei syn tankbere publyk. Yn alle fasetten, lykas it ûndersteande liet út ien fan syn lêste programma's *Geraniums en Gladioalen* sjen lit:

In lietsje foar as ik fersille bin

Dit is in lietsje foar as ik fersille bin en fierder dreau op alle winen sadat net ien my sjen of fiele kin en my allinnich noch yn tinzen wit te finen

Dit is in lietsje dat úteinlik sels ek stjert mar altyd wurde der wer nije lietsjes berne want elk begjin giet nei de ein sa as dat heart en elke ein wurdt mei in nij begjin beleanne

Nei alle leafde, wille, soargen en fertriet is dit in liet foar elk foar jim' dy't noch bestiet nei alle leafde, wille, soargen en fertriet wol ik jimme bedanke mei dit liet